



Moasje ex. art. 36 reglemint fan oarder foar de gemeenteriedsgearkomste fan de gemeente Hearrenfean

Fan : **FNP**

Oan : **De foarsitter fan de ried**

Nei oanlieding fan agindapunt nr. : **Moasje frjemd oan 'e oarder fan de dei**

Underwerp : **Lachgasballonnen en lachgaspatroanen**

Ried yn iepenbiere gearkomste byinoar op: : **16-9-2019**

Konstatearjende dat;

- "lachgas" legaal te krijen/keapjen is,
- it brûken fan "lachgas" de sûnens swier oantaast,
- it "Trimbos Instituut" konkludearret dat it "maklik te krijen/keapjen" fan "lachgas" in wichtige faktor is oangeande de populariteit fan "lachgas",
- it brûken fan "lachgas" foaral populêr is by jongeren en jong folwoeksenen,
- der in soad ôffal (restanten ballonnen en lege gaspatroanen) op iepenbiere plakken lizzen bliuwt wêr't "lachgas" brûkt is,
- der yn Hearrenfean al in ferbod jildt foar it oplitten fan ballonnen.

Oerwagende dat;

- der negative gefolgen foar de Folkssûnens binne troch it brûken fan "lachgas",
- it tal minsken mei neurologyske skea troch it brûken fan "lachgas" ta nimt,
- der by ekstreem gebrûk fan "lachgas", der skea oan it "ruggenmerg" ûntstean kin
- der minsken binne dy't troch it brûken fan "lachgas" in dwêrsleezje krigen hawwe, (ferlammingsferskynsels omdat harren "ruggenmerg" oantaast is) troch in tekoart oan fitamine B12, ûntstien troch it misbrûken fan "lachgas",
- "lachgas" in soerstof tekoart yn'e harsens feroarsaket, wêrtroch oft brûkers yn'e war reitsje, pine yn'e holle krije en konsintraasje problemen krije,
- der in kâns bestiet op it befriezing yn'e longen troch in ynazemjen fan "lachgas",
- restanten fan ballonnen en lege gaspatroanen noch jierren lang fersmoarging feroarsakje yn de iepenbiere romte.

Fersiket it Kolleezje;

- te ûndersykjen oft it mooglik is binnen de APV de ferkeap en it brûken fan "lachgas" yn'e iepenbiere romte te ferbieden en de útkomst fan dit ûndersyk noch dit jier te dielen mei de gemeenteried.
- by it ferlienen fan fergunningen in ferbod op te nimmen oangeande it ferkeapjen en brûken fan "lachgas".

Datum: 16 septimber 2019

Undertekening(en), namme en partij: Alette de Jong FNP

Dizze moasje is : Oernaam Oannaam Fersmiten

Stimferhâlding: Fraksje(s) foar: _____ Fraksje(s) tsjin: _____

Hantekening griffier: